

Dizze tekst beskriuwt de oanskerpe konseptfyzje fan it ûntwikkeltiim op it leargebiet Fryske Taal en Kultuer yn it primêr en fuortset ûnderwiis. Foar it beskriuwen fan dizze fyzje wurdt konform de wurkwize by curriculum.nu yngien op de relevânsje en de winske ynhâld fan it leargebiet. It earste konsept waard staljûn by de earste ûntwikkelsesje yn septimber 2018. Op basis fan de ûntfongen feedback (sjoch de knop ‘sammele feedback’ foar in werjefte fan alle reaksjes) is de tekst oanskerpe by de twadde ûntwikkelsesje yn oktober 2018. Yn it konsultaasjeferslach wurdt útlein hokker karren makke binne by it ferwurkjen fan de feedback. Yn 'e rin fan it ûntwikkelproses kin de konseptfyzje noch hieltyd bysteld en oanskerpe wurde.

Yn de feedback waard frege nei de oanlieding en eftergrûnen foar de kurrikulum-wersjenning. Dy binne no beskreaun yn in preambule.

Konseptfyzje op it leargebiet Fryske Taal en Kultuer

Alle bern yn Fryslân moatte de gelegenheid krije om harren talich te ûntwikkeljen op skoalle. Foar it learen fan Frysk is it begjinpunt fan learlingen net itselde. Der binne grutte ferskillen yn taaleftergrûn, yn taalfeardichheid en yn behearsking fan it Frysk. Mei it each op dizze ferskillende útgongssituaasjes krije alle learlingen yn Fryslân mei it leargebiet Fryske Taal en Kultuer in optimaal oanbod yn in ûnûnderbrutsen trochgeande learline.

Yn dit leargebiet giet it om:

- omtinken foar de betsjutting fan taal en thústaal yn it algemien;
- omtinken foar de betsjutting fan Frysk yn it bysûnder, foar

Frysktalige en net-Frysktalige learlingen;

- in meartalich perspektyf by it learen fan Frysk;
- kieze fan relevante ynhâlden, mei omtinken foar gearhing binnen it leargebiet Fryske Taal en Kultuer;
- kieze fan relevante ynhâlden, mei omtinken foar gearhing tusken it leargebiet Fryske Taal en Kultuer en oare leargebieten.

De rol fan taal en thústaal yn it algemien

Taal is ûnmisber foar yndividu en foar mienskip. Middels taal kinne wy tinke en leare, kommunisearje en ús emoasjes útdrukke. Fia taal ûntwikkelje wy ús identiteit. Fia taal ûnderfine, begripe en ferwurkje wy hoe't oaren fiele en tinke, en kinne wy grip krije op de wrâld om ús hinne. Taal kin foar begryp fan wjerskanten soargje en kin minsken ferbine.

Fia taal krije wy tagong ta kultuer, kinne wy derfan genietsje en deroan dielnimme.

Taal jout betsjutting. Taal giet altyd earne oer. Mei taal kinne wy ferwize nei bygelyks ûnderfiningen, dingen dy't barre, mieningen, feiten of foarwerpen. Yn in komplekse maatskippij dêr't ferskillende talen, kultueren, libbensbeskôgingen en generaasjes mei-inoar yn kontakt komme, is it wichtich om te beskikken oer in rike en fariearre taal.

Taal hat in systeem: in systeem fan regels om teksten, sinnen, wurden en klanken te produsearjen en om taal te begripen. Kennis fan dy regels en dy adekwaat brûke kinne, soarget derfoar dat we oaren begripe kinne en sels begrepen wurde kinne.

Taal is in part fan ien syn identiteit. Jim Cummins hat sein: "Fersmytst de thústaal fan in bern, dan fersmytst ek it bern sels." Dêrom moatte lealingen harren thústa(a)l(en) brûke kinne. Dyn thústaal brûke kinne en meie, en der kennis fan

hawwe, iepenet doarren nei wa'tst bist en wêze wolst as persoan, en nei dyn omjouwing en de noarmen, wearden, tradysjes en praktiken fan dy omjouwing. It brûke meien fan dyn thústaal op skoalle kin boppedat helpe by de ferwurking fan learstof en draacht by oan it ûntwikkeljen fan selsbetrouwen en fan sterke meartalichheid.

Al dy aspekten fan de rol fan taal en thústalen spylje mei by it learen en brûken fan taal, dus ek by it learen en brûken fan it Frysk.



Betsjutting fan it Frysk

Bern en jongerein yn Fryslân groeie op yn in provinsje dy't meartalich is. Frysk en Nederlânsk binne de twa offisjele talen yn Fryslân. Bern hawwe it rjocht om Frysk te learen op skoalle en boargers yn Fryslân hawwe it rjocht om altyd en oeral yn Fryslân Nederlânsk en Frysk te brûken. It Frysk wurdt troch elkenien ferskillend brûkt en op ferskillende wizen wurdearre. Op Fryske skoallen is it Nederlânsk de mienskiplike taal. De sterke posysje fan it Nederlânsk hat ynfloed op it Frysk.

Bern en jongerein yn Fryslân groeie op yn in maatskippij dy't fluch feroaret. Globalisearring en migraasje meitsje de maatskippij hieltyd diverser en meartaliger. Technologyske ûntjouwingen meitsje it mooglik dat wy sa goed as altyd

en oeral mei-inoar kommunisearje kinne. Sy hawwe nije foarmen fan kommunisearjen ûntstean litten. Dêrtroch komme learlingen yn harren deistich libben yn oanrekking mei allerhanne talen, bygelyks fia klassegenoaten, op strjitte, op telefyzje, YouTube, games en sosjale media. Dy sosjale media hawwe derta laat dat de jongerein it Frysk mear brûkt as skriuwtaal.

It Frysk is ien fan de talen tusken al dy oare talen; dat fine wy fanselsprekkend. It leargebiet Fryske Taal en Kultuer helpt sawol Frysktalige learlingen as net-Frysktaligen de rol te ûntdekkjen dy't taal hat yn it algemien foar yndividu en mienskip en de betsjutting en wearde dy't it *Frysk* hat yn it bysûnder, foar harsels en foar oaren.

Yn de hurd feroarjende wrâld sil it Frysk tusken oare talen meiferoarje, ûnder oaren ûnder ynfloed fan it bot oanwêzige Nederlânsk en Ingelsk. Yn it ûnderwiis yn it algemien, en yn it leargebiet Fryske Taal en Kultuer yn it bysûnder, hâlde wy rekken mei dy feroaring en dynamyk tusken talen, mar besykje we tagelyk de taalkwaliteit fan it Frysk te waarboargjen. Dat is sykjen nei in balâns.



In meartalich perspektyf by it learen fan it Frysk

It leargebiet Fryske Taal en Kultuer komt op skoalle oan bod út in meartalich perspektyf wei. Dat betsjut dat de kontekst dêr't it Frysk yn leard en brûkt wurdt meartalich is en dat der ferskillende talen yn deselde taalgebrûkssituaasjes brûkt wurde kinne. It learen en it brûken fan Frysk yn dizze kontekst hat taalfeardeichheid yn it Frysk en meartalichheid fan de learlingen as doel en it is dêrneist in middel om te learen (taal yn oare fakken).

In meartalich perspektyf hâldt ek in dynamyske blik op meartalichheid yn. Elkenien brûkt yn it deistich libben allegear taalfariëteiten. Tink oan Frysk of Biltsk of Stellingwerfsk, Nederlânsk, Ingelsk, Turksk of Poalsk of Syrysk, boeketaal of sprektaal, strjittetaal, jongereintaal, chattaal of faktaal. Dy taalfariëteiten wurde ôfwikseljend en somtiden trochinoar hinne brûkt. Ien dy't meartalich is, beskikt oer in meartalich repertoire en brûkt dat fleksibel, nei de taalgebrûkssituaasje en it doel fan de kommunikaasje. In taallearder bout in meartalich repertoire op; de iene kear brûkt er de iene taalfariëteit en de oare kear de oare. Hy kin it iene ek better yn de iene taal en it oare yn in oare taal. Meartalichheid beskôgje we dus net as it behearskjen fan ferskillende taalfariëteiten *neist* inoar en los fan inoar, mar krekt as it yntegrearre, funksjoneel en soepel brûken fan in meartalich repertoire.

Op skoalle wurdt dit meartalich repertoire ynset foar funksjoneel meartalich learen.

Oanslute by en it brûken fan de talige en kulturele diversiteit op skoalle, dêr't it Frysk in fanselssprekkend ûnderdiel fan is, is in boarne foar mei-inoar leare en mei-inoar libje. It liedt ta taalbewustwêzen, gefoelichheid foar meardere talen, in iepen hâlding, en wurdearring en respekt by leararen, learlingen en âlders.



Kieze fan relevante ynhâlden

It leargebiet Fryske Taal en Kultuer rjochtet him op it learen *fan Frysk* en *oer Fryske taal en kultuer*. Dy beide ynhâlden fan it leargebiet steane net los fan elkoar, mar binne mei inoar ferweve. Se binne ek ferweve mei de tema's identiteit en (it Frysk tusken oare talen yn de) mienskip. Kultureel erfgoed is dêr in aspekt fan. Hjirûnder fersteane wy alle materiële en ymmateriële uteringen en spoaren fan minsklike hannelingen út it ferline en it heden dêr't wy as yndividu of mienskip yn Fryslân bewust of ûnbewust no in wearde oan hechtsje en dy't wy bewarje wolle foar de takomst.

Betsjuttingsfolle konteksten binne it útgongspunt: taalgebrûkssituaasjes dy't betsjutting hawwe foar it brûken en learen fan Frysk en konteksten dy't betsjutting

jouwe oan it learen oer Fryske taal en kultuer.

Taallearen is pas sinfol wannear't it earne oer giet en wannear't it funksjoneel is, wannear't taal echt brûkt wurdt en der foar learlingen in beskate needsaak is om de taal, yn dit gefal it Frysk, te brûken. Dat hâldt ek yn dat it Frysk brûkt wurdt by oare fakken of by it wurkjen oan in tema of projekt.

It learen *fan* Frysk hat te krijen mei de behearsking fan de Fryske taal: yn it Frysk prate, harkje, lêze en skriuwe kinne. Dy taalfeardeichheden komme net los fan inoar oan bod, mar funksjoneel yntegrearre. Petearen fiere kin net sûnder harkjen, lêzen nûget út ta it praten oer itjinge dat lêzen is en skriuwen kin net sûnder lêzen.

Neist de kennis fan Frysk dy't learlingen al opdogge by it learen fan Frysk, leare se mear oer it Frysk. Se leare bygelyks hoe't it Frysk him ûntwikkele hat, hoe't Frysk brûkt wurdt, yn watfoar situaasjes en mei watfoar fariaasjes, en se leare Frysk en it brûken derfan te fergelykjen mei oare talen en harren gebrûk. Se ûntwikkelje by it learen fan en oer Frysk metalinguïstyske feardichheden dy't harren helpe kinne om frjemde talen te learen en de eigen taal (it Frysk, it Nederlânsk, in dialekt, in streektaal of in oare taal) fierder te ûntwikkeljen. Troch omtinken foar it fergelykjen fan talen en troch it ferheegjen fan taalbewustwêzen ûntwikkelje learlingen in hâlding fan iepenheid en gefoelichheid foar talige diversiteit.